



DOARSTO?

FRYSKE KOST



Underbou

DOARSTO

Bêste bern en learkrêft

Moai dat jimme meidogge oan de earste, echte Fryske challenge. Printsje de poster út en hingje dy op yn de klasse. Elke dei kieze jimme in nûmer fan de challenge, mar jim witte dan fansels noch net wat jimme dwaan moatte... Sykje de goede kaart derby en lit ien fan jimme de kaart foarlêze. Begrypt elk wat der gebeure moat? Dan beprate jimme mei elkoar hoe't jimme dat organisearje en wanneer't jimme de **Doarsto** útdaging útfiere. Doare jimme it oan?

Wy winskje jimme in protte wille ta en in ynspirearjende groet,
Elly, Jolanda en Janke

Underbou



DOARSTO

Beste kinderen en leerkracht

Fijn dat jullie meedoen aan de eerste echte Friese challenge! Druk de poster af en hang die op in de klas. Iedere dag kiezen jullie een nummer van de challenge, maar dan weten jullie natuurlijk nog niet wat jullie moeten doen...Zoek daarom de goede kaart erbij en laat iemand van jullie de kaart voorlezen. Begrijpt iedereen wat de uitdaging is? Dan bespreken jullie met elkaar hoe jullie dit organiseren en wanneer jullie de **Doarsto** uitdaging uitvoeren. De uitdagingen zijn in het Fries geschreven. Jullie moeten elkaar daarom goed helpen om de opdracht goed te snappen. Misschien verstaat een klasgenootje Fries en kan die helpen met het begrijpen van de tekst. Of misschien moeten jullie op zoek gaan naar iemand in school, die kan helpen. Of misschien hebben jullie een ander slim idee. Wij wensen jullie heel veel plezier en een inspirerende groet, Elly, Jolanda en Janke



- **Spreek jezelf geen Fries? Stimuleer leerlingen juist wél om Fries te praten.**
- **Stimuleer de kinderen om de talen te vergelijken: Pankoeek? Dat is grappig: in het Nederlands is het pannenkoek. En kok is in het Fries en Nederlands gelijk.**
- **Schakel een Friestalige leerling in als coach, die zo nu en dan een vraag of antwoord in het Fries of Nederlands vertaalt.**
- **Werken de kinderen in groepjes? Zorg dan dat er zo mogelijk een Friese leerling in ieder groepje zit.**
- **Wordt er geïmproviseerd met een challenge? Laat de kinderen dit eerst in het Nederlands doen en vertaal dan naar het Fries.**
- **Maak als taalsteun een woordveld op het bord.**



STARTKAART

De bern besjogge en beprate it skilderij 'De aardappeleters' fan Van Gogh.

Stap 1: Sykje de foto op fan 'De aardappeleters' fan Van Gogh.


Stap 2: Besjoch it skilderij ien minút yn stilte.

Stap 3: Lit de bern betinke wa of wat se binne mei help fan de keunstsinnige tinkfragen:

1. Wa bist? 2. Wêr bist? 3. Wat sjochst? 4. Wat tinkst?

5. Wat hearst? 6. Wat fielst?

Stap 4: Stel jim foar dat jim mei elkoar yn it skilderij sitte. Wat bart der? Wês as learkrêft 'the teacher in rol' en lit de bern meitinke en spylje (tink oan emoasjes, aksjes, útspraken yn ferskillende talen ensfh).



DOARSTO 1



Litsto dy betsoene troch dizze feestjirpel?

Dizze aktiviteit is ynspirearre op 'de sirkels van Kandinsky'.

Nedich: in stevich papier of karton fan A4 formaat, ferskate kleuren plakkaatferve, kwasten (of brûk dyn fingers)

Stap 1: Besjoch it keunstfilmke oer de jirpel op <https://fryskenfrij.nl/wurkwinkels-oer-de-ierdappel/> en bepraat meïnoar watst sjochst. Wat ropt it op? Liket de jirpel wichtich? Wêrom soe dat sa wêze? Keppelje it draaien, de sirkels, it middelpunt út it filmke oan it bekende skilderij fan Kandinski en besjoch en bepraat dit skilderij meïnoar.

Stap 2: Skilderje yn it midden fan it papier in lyts jirpeltsje yn dyn moaiste kleur.

Stap 3: Kies in oare kleur en meitsje der in grouwe jirpelskyl omhinne.

Stap 4: Werhelje dit in oantal kearen, oant de betsoene jirpel de râne hast rekket.


Stap 5: Folje de bûtenrâne op nei eigen ynsjoch.

Stap 6: Lis de skilderijen op de grûn, bepraat it en meitsje in komposysje.





DOARSTO 2



Doarsto sjen te litten wat de jirpel is?

Nedich: in grouwe jirpel

Stap 1: Gean yn in kring sitten. Lit de jirpel sjen en sis tsjin de bern: 'Dit kin alles wêze, útsein in jirpel.'

Stap 2: Lit de jirpel rûngean en lit de bern frij fantasearje.

Stap 3: As de jirpel werom is by de learkrêft kinst in gearfetting fan mooglikheden jaan.

Stap 3: Spylje as is de jirpel ien fan de dingen dy 't neamd is (pantomime). De bern meie sizze wat se sjogge. Ferkearde antwurden bestean net, alles helpt om de fantasij op gong te bringen.


Stap 4: Freegje: 'Wa kin sjen litte wat de jirpel noch mear is?' en jou de jirpel oan ien fan de bern. De oare bern kinne dan riede, mar it rieden is net it wichtichste. It giet benammen om it frij fantasearjen en spyljen.

Stap 5: De spiler mei de jirpel oan in oar jaan, sadat hy/sy dan sjen litte kin wat it is.



Ik bin in shampoo flesse.

Ik bin in keatsbal.



DOARSTO 3

Kinsto dit itensiedersliet sjonge?

It itensiedersliet

Nedich: Sykje op Spoar 8 (temateek ûnderbou, ik en myn omjewing, iten en drinken) of op Spotify (Retteketet Tsjyng Boem2) it 'itensiedersliet'

Dwaan:

len fan de bern is de kok, de groep sjongt de fraach, de kok antwurdet sjingend. Kinst it spul útwreidzje troch de kok in skelk foardwaan te litten, of in koksmûtse opsette te litten. Kinst plestik of houten iten út de thúshoeke helje en der by brûke, of fansels echte grienten en fruit meinimme.





Itensiedersliet

Goeiedei kok ... wat ite wy hjoed?
Is it wol goed gear en smakket it goed?
'Hjoed krijsto ... fan my
en asto dat net lekker fynst, dan giesto mar foarby!



DOARSTO 4



Kinsto stimpelje mei jirpels?

Nedich: in oantal grouwe jirpels, in stik as wat metalen koekjefoarmpkes, in stift, in skerpe meske, in snijplanke, papier, ferve en kwasten

De bern meitsje in skilderij fan in ierappelfjild.


Stap 1: Besjoch mei elkoar foto's fan ierappelfjilden.

Stap 2: Bepreat de wurden, bygelyks ikkers, ierappelfjild, jirpels roaie, wjudzje, siedzje, rispje, ierappelpoatmasjine, roaimasjine.

Stap 3: Meitsje in jirpelstimpel om in ierappelfjild te meitsjen.

Stap 4: Stimpelje dyn ierappelfjild.

Stap 5: Presintearje yn it Frysk de skilderijen oan elkoar.





DOARSTO 5

Kinsto spylje mei in brombear yn'e búk?


Nedich: it ferhaal 'In brombear yn 'e búk'

Dwaan:

Stap 1: Lês it ferhaal

Stap 2: Lit de bern it ferhaal spylje
tidens it lêzen (fertelpantomime)

Stap 3: dit in oantal kearen



Jetske draaft de keuken yn. Sjoch ris heit, wat ik makke haw op skoalle. Se triuwt him in tekening ûnder de noas. Prachtich, seit heit. It liket wol in mûle mei grutte tosken. In reuzemûle! Dat is myn mûle! laket Jetske. Juf hat ferteld oer toskpoetsen. En wy mochten in tekening meitsje. Heit hinget de mûle op it prikboerd. Anst hapt er my op! seit heit. Ik gean fierder mei myn wurk. Hy rint nei it gasstel en riert yn in panne. It rûkt yn e keuken nei jirpels en beantsjes. Jetske snúft. Mmmm, lekker! tinkt se. Ynienengiet it fan grom, grom, knor, knor. Wat wie dat? freget heit. Ik hearde grom, grom, knor, knor! Is hjir in brombear yn myn keuken? Hy siket ûnder de tafelen de stuollen. En achter de grutte kast. Hark, dêr is it wer! Grom, grom, rattel, rattel, knor! Ik belje de bistetún! ropt heit. Ik wol gjin gefaarlike like brombear yn myn keuken! Jetske skattert it út! Dy healwize heit! Dat docht myn bûk! ropt se. Ik haw honger. Harkje mar, heit! Heit leit it rjochter ear tsjin de bûk fan Jetske. Do hast gelyk, seit er. Ik hear in brombear yn dyn mage. Hy wol jirpels mei beantsjes. In board fol! Hat heit ek in brombear yn de bûk? wol Jetske witte. Harkje mar, seit heit. Mar Jetske heart hielendal neat. De brombear sliept, heit! Mar ik kin wol oare lûden meitsje, betinkt heit. Hy snúft mei de noas. Snuf, snuf, snuf. Hy klapperet mei de tosken. Klapperdeklap. Hy klikt mei de tonge. Klikkerdeklik. No ikke! ropt Jetske. Se blaast as in lilke, swarte kat. Se stampt as in grutte grize oaljefant. Se fluitet as in fûgeltsje. En dan jout se heit in tût! In hiele lûde klaptût! Grom, grom, docht de brombear yn Jetske har bûk. Mei 'k no iten? freget se. Heit skept op. In board fol foar Jetske. In board fol foar heit. Eefkes letter sitte se stil te iten. En dan giet it fan prrt piip! O, ropt Jetske. Heit liet in skeet! In hiel lytske mar, seit heit ûndogens. It wie mar in mûzeskeetsje!

DOARSTO 6

Kinsto mei de hiele groep 'Piter Patat' sjonge en spylje?



Nedich: sykje op Spotify (Retteketet Tsjyng Boem2) it liet 'Piter Patat' op, de tekst fan 'Piter Patat'

Stap 1: De groep sjongt it earste stik, Piter sjongt de lêste rigel. Lit Piter Patat him as in echte patatbakker gedrage ;)

Stap 2: Dit kin útwreide wurde mei in stikje ymprovisaasjetoaniel. Splyje út:

- Stel dy foar, do stiest by Piter foar de patattinte. Wat bestelsto? En hoe giet dat dan?
- En wat no as der noch mear minsken wat bestelle wolle en der dringe minsken foar.

Wat dochsto dan? Hoe reagearrest? Splyje it út.

- De klanten moaie 'snack-nammen' krigen. Betink fraaie nammen en ferweef dit yn jim spul.



Piter Patat

Der stiet in tintsje by ús yn 'e buorren, it is it tintsje fan Piter Patat.
En syn patatsjes binne osa lekker, want Piter wit wol hoe 't it moat.
Pitet Patat kin der wat fan, hy bakt se brún foar Jan en alleman.
Piter Patat stiet altyd klear:
'Sis it mar mefrou, sis it mar mear.'

En Sjirk Saté en mantsje Meintsje Mayonêze, dy binne gek op in
'patatsje mèt',
mar Sibe Snek en Feikje Frikandeltsje, dy hawwe leaver in krocket!
Pitet Patat kin der wat fan, hy bakt se brún foar Jan en alleman.
Piter Patat stiet altyd klear:
'Sis it mar mefrou, sis it mar mear.'



DOARSTO 7

Hellesto keunst út 'e klaai?

Sjipsskaaltsje

Nedich: klaai , klaai rollers, prikkers , skaaltsje, bakpapier, ferve , klaaioven (of selsdrûgjende klaai brûke)

Stap 1: In petear oer wêr't jirpels groeie, oer ierappelfjilden, de boer en watst fan jirpels meitsje kinst.

Stap 2: Meitsje in boltsje klaai plat mei de roller.

Stap 3: Lûk de hân om mei in prikker en snij de klaai dy 't deromhinne sit fuort.


Stap 4: Meitsje foarsichtich foarmen yn de klaai-hân.

Stap 5: Lis de hân op in stikje bakpapier yn in skaaltsje te drûgjen .

Stap 6: Bak it skaaltsje yn de klaaioven.

Stap 7: Fervje it skaaltsje.

Stap 8: Besprek de wurkstikken.





DOARSTO 8

Gean jim mei nei Jirpellân?

Fantasijles yn 'e grutte romte

Nedich: boarterslokaal of gymseal, jirpelsekken (of sekken bedoeld foar sekjeringen), twa amers mei wat lytse jirpeltsjes, koksmûtse, matten en hoepels, ast wolst: in kaboutermûtse en in pet

Dwaan:

Nim de bern mei op in fantasijreis. Praat en spylje mei inoar ymprovisearjend de ferskate stappen oan inoar. Tusken de stappen yn is der bewegingsymprovisaasje.

Stap 1: Op wei nei jirpellân

Stap 2: Sekje rinne


Stap 3: Jirpel poepe

Stap 4: Kok yn de keuken

Stap 5: 'Kin ik by dy ite?'


Stap 6: Noflik bekomme

Op de webside stiet in fierder útlis fan de wurkwize.





Hoe moet dit ?



Sjoch op de
websites,
jirpelkop!



DOARSTO 9

Kinsto dit liet spylje en sjonge?

De Patatbakker

Nedich:

Sykje op Spoar 8 (temateek ûnderbou, ik en myn omjouwing, iten en drinken) of op Spotify (Retteketet Tsjyng Boem2) 'De patatbakker' op.


Dwaan:

Stap 1: Sjong it liet yn twa groepen: in groep patatbakkers en in groep klanten.

Stap 2: Meitsje in binnen- en bûtenkring. De iene helte binne de patatbakkers en de oare helte de klanten. Sjong it liet en sko troch.

Stap 3: Dit kin útwreide wurde mei in stikje ymprovisaasjetoaniel.

Bern kinne it toanielstikje sjongend sjen litte yn de kring.





Tekst:

A: Dach mefrou.

B: Dach menear, sis it mar, wat sil it wêze?

A: Pûdsje patat mei mayonêze.

B: Dat komt klear, dat komt klear, hjir is jo pûdsje al menear.

A: Dach mefrou.

B: Dach menear, sis it mar, wat sil it wêze?

A: Pûdsje patat mei mayonêze.

B: Dat komt klear, dat komt klear, hjir is jo pûdsje al menear.

